

Trillingen wurde wurd

90 194 2000
YVONNE DIJKSTRA

„Wat skiednisboeken amper oerle-
verje, trillet yn de ierde. En de
hjoeddeiske skriuwer heint dy tril-
ling op en set har oer yn wurden”,
seit Willem Tjerkstra oer it skriuwen
fan syn nije histoaryske roman,
Ridder fan Snits. Yn *Rom*, it earste
diel fan wat in trijedielige romanse-
arje wurde sil, nimt er de lêzer mei
nei it Snits fan sa'n 600 jier lyn.

Yn dy tiid wenne Rienk Bocke-
ma, soan fan de haadling fan Snits,
op de stins Rodenboarch. Oan it
begjin fan it ferhaal wurdt it de lê-
zer al dúdlik dat dizze Rienk Boc-
kema net sa maklik is en dat komt
aardich út yn 'e rin fan it boek. Al
op syn fyftjinde pykt er út om him
oan te sluten by de bende fan haad-
ling Walle Galama. Letter fjochtet
er yn 'e hillige oarloch tsjin de
Turken. Syn libben ferrint tusken
wylde driften en eangst foar de
dea. Yn de spanning tusken dy twa
utersten rjochtet er him op de
Hillige Frouwe Marije, as symboal
foar alle frouwen dy't yn syn libben
in rol spylje. De ferearing dy't de
haadpersoan foar Marije hat, komt
ûnder oaren ta utering as er op
Rhodos yn in tsjerke knibbelet foar
it alter: „Leave Marije, ik kom!”
Syn lûd galme as in lofliet troch de
romte, (...) en (hy)dronk in amerij
de leafde fan har gesicht, sa't in
bern de memmemolke ynnimt. Hy
fielde himsels groeien, boppe syn
eigen twivels út.” Foar in modern
tinkend minske kin it lêstich wêze
om dy ferearing te begripen, seker

as de oanbidder sa'n sterke, rûge
Fries is. Mar oer it ginneraal is
Tjerkstra der goed yn slagge om de
histoaryske karakters oansprek-
kend te meitsjen foar de hjoeddeis-
ke lêzer, al binne guon personaaz-
jes net hielendal útwurke.

Dochs is dit earste diel fan Rid-
der fan Snits in boek dat jo yn ien
kear útlêze wolle. Dat hat fral út te
stean mei de fertellende wize fan
skriuwen. De skriuwer slagget der
goed yn om fan ferskillende histoa-
ryske feitsjes in spannend ferhaal te
meitsjen, wylst de Aldfryske rigels
tekst boppe guon fan de haad-
stikken soarget foar in autintyk
sauske. Boppedat wit er yn in pear
wurden in byld op te roppen by syn
lêzer. Dy stiet fanôf de earste bled-
side mei beide fuotten yn it Snits
fan 1365, troch de koarte karakte-
risearring fan it stedslibben yn dy
tiid: bargaen skarreljen troch de
drek, twa lytse jonkjes boartsje foar
de huzen en 'in boer sette mei in
koer tsiis en bûter op 'e rêch de
kant fan de grutte tsjerke út'. It is in
moaie sfeartekening fan Snits en
fan it Fryske libben yn dy tiid. De
lêzer stapt op it poadium fan de
Fryske skiednis en moetet dêr Frie-
zen út it ferline. It binne faaks wat
rûge types, hja hawwe net folle fa-
riaasje yn harren gefoelens, mar in
moai ferhaal levert it wol op.

Hjir besprutsen:

Ridder fan Snits: Rom, Willem
Tjerkstra, útj. KFFB, 1999, Priis:
12,50 gûne (KFFB-leden)/ winkel-
priis: 24,90 gûne.